

ARCHEOLOGYSK WURKFERBAN

Oantekens gearkomste Archeologysk Wurkferbân fan 3 oktober 2024

Oanwêzich: P. van der Veer, J. van der West, K. Jager, C. van der Heide, R. Wiersma, N. Koehoorn, W. de Jong, R. Amsterdam, T. Postma, J. Mulder, H. Sloots, G. Mast, G. van der Plaats, J. Boersma, M. Keulen, S. Keizer, G. Schotanus, R. van Joolen, C. van Hilten, T. Sandijck, R. Wildschut, M. Talsma, J.P. de Groot, G. Hofstra, K. Tiemersma, S. de Roos, R. Velt

Ofwêzich mei berjocht fan behindering: H. Komrij

1. Sible de Roos iepene de gearkomste en hiet elkenien wolkom, yn it bysûnder Robbert Velt, sprekker fan de jûn, en Jantina van der West, de nije meiwurker fan de Akademy, dy't har benammen dwaande hâlde sil mei de bân tusken de wurkferbannen en de Akademy.
2. Ynkommen stikken en meidielingen:
 - Sible hat in petear hân mei Jantina van der West oer har wurk en doelstellingen, plannen en winsken foar de takomst;
 - Jan Mulder fertalde wat oer de syktocht nei it plak fan de foargonger fan it hjoeddeiske tsjerkegebou te Ketlik en it plak dêr't in fjildslachje útfochten is mei de troepen fan Bommen Berend yn 1673. Oan dy syktocht wurdt meiwurke troch leden fan ús wurkferbân;
 - Begjin septimber wie der in foarûndersyk op in takomstich bouterrein te Bitgummole, takom' jier stiet in grutter ûndersyk yn de planning;
 - Op 24-01-2025 is der te Grins wer in netwurkdei.
3. Ferslach fan de lêsthâlden ledegearkomste op 16-05-2024: it ferslach waard sûnder wizigingen fêststeld.
4. Ynlieding fan Robbert Velt oer syn fynsten mei de detektor, mei klam op de Midsiuwen.

Al op jonge leeftiid rekken Velt ynteressearre yn boaiemfynsten. Syn hobby is sa stadichoan útwoeksen ta folle mear as dat. Net allinnich giet er samar 10 oeren wyks it fjild yn, ek docht er in soad oan selsstúdzje, kennis dy't er oerbringt op jongerein yn skoalleferbân, mar ek op deteninaasjedagen dêr't er op geregelde basis oan meidocht.

Syn earste grutte fynst wie in seldsume Romeinske munt (Octavianus), dêrnei folge der folle mear. Op ynnimmende wize liedt Velt ús middels in powerpoint troch syn wrâld. Sa waard er roppen by in famyljegrêf fan de Sixma's yn in partikuliere tún, wetterputten yn Stiens en Boazum, stinze- en

kleasterterreinen, de goudskat fan Springendal dêr't er oan meiwurket en sa fierder..

Op in fraach hjiroer lei Velt út dat er him hjirby hâldt oan 'e regels en melding docht fan alles dat er fynt. Sa komt er net op stinze- en kleasterterreinen sels (dat mei net), mar siket er deromhinne, fansels mei tastimming fan de grûneigener.

Ta beslút hie er in oantal fynsten meinommen, dy't mei in soad ynteresse besjoen waarden troch de oanwêzigen.

De foarsitter betanke Robbert Velt ûnder applaus mei in kadobon en it boek Diggelgoud.

6. Omfreegjen:

- Guon hiene moaie fynsten mei, lykas in kanonskûgel (Ketlik), in servetring en in Gouden Rider.

7. Ta beslút betanke Sible it grutte oantal oanwêzigen en winske elk wol thús.

Ferslach: Koos Tiemersma